

ik hie altyd tocht de dea
makket it libben rûn
alles alles waard mekoar ferjûn
as yn teäter opera en bioskoop

in scene fol fan hoop
en ta beslút
in lêste waarme tút
en moaie wurden wurd' noch sein
en net sa as by dy en my dat hurde ein
dy net mear te oerbrêgjen kleau
dêr 't ik no yn achter bliuw.

it is wol oars de hurde wierheid
al dy spyt dy 't mar net slyt
al dy kânsen dy 't der net mear binne
al dy wurden dy 't wy net mear sizze kinne
och wat soe 'k net graach noch ien kear mei de holle
tsjin dyn skouder lizze wolle
noait mear silsto my dwars troch alles hinne helpe
as in âld liuw in har welpen

it is wol oars dy hurde wierheid
dat ferwyt dat mar net slyt
dy noch ien kear saachjes oan te reitsjen
mei dy laitsje en sa alles goed te meitsjen
mar nee noait sil mear dyn memmeleafde blike
silst my oer de holle strike
noait mear silsto my dwars troch alles hinne helpe
as in âld liuw in har welpen

ik hie altyd tocht de dea
makket it libben rûn
alles alles waard mekoar ferjûn
as yn teäter opera en bioskoop

in scene fol fan hoop
en ta beslút
foar ús gjin waarme tút
gjin moaie wurden by dyn dea
och seist krekt hjoed no mar tsjin my
kom Jessy lea
ferwolkomme Vica no mar gau
toi toi toi myn lytse frou

`k had altijd gedacht de dood
die maakt het leven rond
alles wordt vergeten en vergeven
als in een laatste akte
in opera of bioscoop
een scene vol van hoop
en dan nog even een laatste zoen gegeven
en iemand zegt iets liefs
maar niet zoals bij jou en mij dat kille niets
een onherbergzaam leeg gebied
waar jij me in achterliet

hoe anders is de harde waarheid
alle spijt die maar niet slijt
al die woorden onuitgesproken
al die kansen die we domweg lieten lopen
mocht ik nog maar één keer slapen in jouw armen
me door jou laten verwarmen
nooit meer kunnen wij samen lachen om het leven
nu ik alleen ben achter gebleven

het is koud de werkelijkheid
die verwijten die maar niet slijten
je nog één keer zachtjes aan te raken
en een zoen om alles goed te maken
ruzies werden meestal simpel weg gevreeën
niemand kwam tussen ons tweeën
nooit meer kunnen wij samen lachen om het leven
nu ik alleen ben achter gebleven

`k had altijd gedacht de dood
die maakt het leven rond
alles wordt vergeten en vergeven
als in een laatste akte
in opera of bioscoop
een scene vol van hoop
en aan het end een verstild moment
als slotakkoord
maar niet zoals bij jou en mij geen enkel woord
wat ik alleen maar zeggen wou
slaap maar zacht ik hield van jou